

Yn te foljen troch de Griffier

moasje nû.	
paraaf	
wurklistpunt	

**MOASJE frjemd oan de oarder fan de dei, op grûn fan kêst 30 RfO**

Steategearkomste	PS 16 & 23 septimber 2020
Wurklistpunt	<b>21 moasje frjemd</b> <b>Underwerp: regionale sprieding kultuerjilden</b>

De Steaten, yn gearkomste by elkoar op woansdei 16 en 23 fan Hjerstmoanne 2020,

Oerwaagjende dat

- De advizen oan it Regear útbrocht binne foar de ferdieling fan de lannelike kultuerjilden yn de Kulturele Basisynfrastruktuer (BIS) troch de *Raad voor Cultuur* en it lanlike *Fonds Podiumkunsten* foar de kommende kultuerperioade 2021-2024;

Acht slaande op

- De antwurden fan it Kolleezje op de fragen fan de PvdA en de VVD d.d. 8 juny oer dit ûnderwerp;

Konstatearjende dat

- Yn it advys foar de Poadiumkeunsten 54% fan it jild nei organisaasjes yn Amsterdam gean soe, 11% nei Rotterdam en Utrecht, neat nei Oerisel en Gelderlân, en mar 2% nei Noard-Nederlân;
- Der in breed libjende argewaasje ûntstien is oer de gebrekkige regionale sprieding by de provinsjes bûten de Rânestêd;
- Ek yn de Twadde Keamer grutte ûnfrede bestiet oer de 'bizarre' skeve regionale ferdieling en it tidens de wedstriid skrassen fan it taseine kritearium regionale sprieding;
- Dizze gong fan saken him feitlik yn eltse lanlike kultuerperioade werhellet;

Fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten / sprekke as harren miening út

- Sprekke út dat it kritearium regionale sprieding foar kultuer yn de provinsjes bûten de Rânestêd fan libbensbelang is;
- Fersykje it Kolleezje fan DS om der mei oare belanghawwende provinsjes en faaks ek ynstellings 'yn de regio' by it Ryk (regear en Twadde Keamer) op oan te stean om fan in sintrale ferdieling fan kultuerjild oer te gean nei in regionale ferdieling streekrijocht troch de provinsjes;
- Dêrta in lobby op gong te bringen;
- Te rapportearjen oan PS oer de útkomsten;

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hântekening)

	<p><i>FNP, Sijbe Knol</i></p>
--	-------------------------------